

Over de hele wereld beginnen mensen  
te vertragen en te reflecteren.  
Over de hele wereld kijken mensen  
op een nieuwe manier om naar hun burens.  
Over de hele wereld worden mensen  
ontvankelijk voor een nieuwe realiteit,  
voor hoe groot we eigenlijk zijn  
en hoe klein onze feitelijke controle,  
voor wat er werkelijk toe doet.  
Voor liefde.

*Richard Hendrick, OFM*  
*13 maart 2020*

Nijsbrief, 20 maart 2020 Kleastergemeente  
Westerwert en Nijkleaster

**Bêste minsken,**

It binne nuvere tiden. Begjin foarige wike libben wy noch 'gewoan', no is alles folslein feroare. De gewoane tsjerklike aktiviteiten binne stopsetten. Dat sil duorje oant yn elk gefal 6 april, mar ik bin bang dat it foar de Peaskewike ek jilde sil. Wy hâlde jim op de hichte.

Wy sille besykje regelmjittich in nijsbrief te stjoeren. By de nijsbrieven sille bylagen sitte, sadat jim sels kieze kinne om mear te lêzen. Fierders komt der hieltyd in rubryk mei meidielings. Wy sette dêr gjin persoanlike gegevens yn omdat de nijsbrieven publyk binne en ek op ynternet komme te stean.

Wy binne allegear wat yn 'e war. De soarch en de ekonomy krije (terjochte) in protte omtinken yn it nijs. Mar de oandacht foar ús sosjale en geastlike wolwêzen sil de kommende wiken ek wichtich wurde. Litte wy, foar safier dat mooglik is, goed om elkoar tinke en kontakt hâlde.

Mei in hertlike groetnis,

ds. Hinne Wagenaar

## Meidielings:

1. ds. Hinne Wagenaar sil gjin minsken besykje. Hy wol gjin rûnbringer fan it firus wurde. Mar hy komt op fersyk graach del. Dan efkes in berjocht: 058-2550998 of post @ hinnewagenaar.nl

ds. Wagenaar skriuwt in deiboek om wat kontakt te hâlden. Hy set dat elke dei op syn eigen webside: [www.hinnewagenaar.fr1](http://www.hinnewagenaar.fr1) (Dagboek van een dominee in Jorwert). Yn de bylage fine jo de dagen fan 15-19 maart.

2. Fanôf moandei 16 maart stiet de tsjerke fan Jorwert elke dei iepen (09.30-16.00 oere) foar persoanlike stilte en besinning. Middeis fan 14.00 – 16.00 oere is immen fan Westerwert/Nijkleaster yn tsjerke beskikber foar minsken dy't efkes prate wolle. Wy hâlde ôfstân fan elkoar en meitsje oan de ein fan de dei alles safolle as mooglik skjin. It rint gjin stoarm, mar elke dei komme der tusken de 5 en 10 minsken del.
3. Nijkleaster hat ek in nijsbrief útbrocht. Sjoch de bylage.
4. Wy wiene fan doel om op snein 15 maart en op 5 april de folgjende meidieling te dwaan. Omdat der gjin tsjerketsjinsten binne, dogge wy it sa:  
De tsjerkeried fan Westerwert stelt út om gemeentelid Gea van Wieren te kiezen as âlderling yn de gemeente. Mochten hjir beswieren tsjin wêze, dan kin dat melden wurde by skriba Jeltje Koopman (058-2519362 / [jeltjekoopman@planet.nl](mailto:jeltjekoopman@planet.nl)) Mochten der gjin beswieren wêze, dan hoopje wy har ta âlderling te befêstigjen op Peaskesnein 12 april (yn de twadde tsjinst om 09.30 oere). Wy hoopje teminsten dat wy dan wer nei tsjerke kinne. Oars wurdt it letter.
5. Op de kommende sneinen sil der op Omrop Fryslân in tsjinst te sjen en te hearren wêze. De Classis Fryslân skriuwt: 'Alle zondagen waarop onze Friese kerken gesloten zijn, zendt Omrop Fryslân om 10.00 uur een viering uit vanuit de Martinikerk te Franeker.'
6. Der is wer in nijsbrief fan de klassis Fryslân. Dêryn alderhande ynformaasje oer it korona-belied fan de PKN en oer tsjerketsjinten op radio en TV. Sjoch de bylage.
7. En yn in bylage de tekst fan de Ierske monnik Richard Hendrick mei as titel Lock down – Vergrendeling (boppe oan dit brief steane al in pear wurden).
8. Klokken van troost en hoop

De Raad van Kerken Nederland hat in oprop dien om op woansdeitejûn de klokken te lieden fan ús tsjerken. Theunis van der Gaast docht it yn Jellum, Durk Limburg yn Weidum en Geert Mak yn Jorwert. Geweldich!

Dizze wurden komme fan de Raad van Kerken:

Het Coronavirus heeft een grote impact op het maatschappelijk leven. Mensen raken ermee besmet, worden ziek en sommigen sterven er zelfs aan. Veel van de plaatsen waar ons dagelijks leven zich afspeelt zijn gesloten. Ook de kerken, waar elke week geloof, hoop en liefde geoefend en geleefd worden, moeten hun deuren sluiten. Om in deze tijd van onzekerheid een boodschap van bemoediging, hoop en troost te verspreiden, roept de Raad van Kerken in Nederland op om de komende drie woensdagen van 19.00 - 19.15 uur de kerkklokken te luiden. De Raad sluit hierin aan bij een lokaal initiatief van de Oud-Katholieke Paradijsskerk in Rotterdam. Met deze 'klokken van hoop en troost' kunnen kerken mensen met elkaar verbinden over de grenzen van sociaal isolement heen. Ook roepen de kerken daarmee op tot gebed en andere vormen van steun voor allen die ziek zijn en voor wie zich dag aan dag inzetten voor de gezondheid en veiligheid van medemensen.

Help mee om dit teken van troost en hoop te laten horen en luid de klok(ken) van uw kerk op woensdag 18 en 25 maart en 1 april tussen 19.00 en 19.15 uur!